

**Ferslach fan de gearkomste fan it Gen. wurkferbân yn Café Wouters op 5 jan. 2019.**

**Oanwêzich:** 27 persoanen

De foarsitter Gosse van der Plaats iepent om 13.30 de gearkomste mei in nijjerswinsk.

**Meidielings:**

Berjocht dat frou J. Tempel fan Arnhem ferstoarn is. Foar har wurdt in moment stilte ta betinken hâlden.

Frou Jenny Hoekstra-Attema wurdt as nij lid in wolkom tasein.

Wytse Tjoelker is behindere.

Skriuwer Jabik van der Bij hat 6 eksimplaren fan it nije tiidskrift "De Nije" mei naam. "De Nije" is in útjêfte yn it Frysk fan de Ried fan de Fryske Beweging. Foar dy't nijsgjirrich is.

**It ferslach fan 13 oktober** wurdt fêststeld mei ûndersteande oanmerking yn it stikje Betinken Henk Zeinstra; *Deselde deis* moat wêze *De deis derfoar*. Fierders sille noch in pear staveringsflaters ferbettere wurde.

**It ferslach fan 3 novimber** wurdt ek fêststeld mei de oanmerking oer de gearkomste fan 3 desimber dy't feroare wurde moat yn 1 desimber. Ek hjirre sille in pear staveringsflaters ferbettere wurde.

**It bestjoer** is no mei de komst fan Rinse Spits op minimale sterkte. Mar mear help en bestjoersleden binne noch hieltyd wolkom.

**De famylje Knossen / Cnossen** hat har ûntstean op twa terpen yn it buorskip Knossens ûnder de reek fan Boalsert om 1400 hinne. No wennet sawat de helte fan de famylje yn de FS en yn Kanada.

Yn 1960 waard de ferieniging oprjochte om ta in stambeam fan de famylje te kommen en sa kaam it yn 1985 ta it earste boek mei de stambeam. Mar in stambeam is nea ôf en moat byhâlden wurde en dat kostet jild. De ferieniging gie in 1994 oer yn in stifting mei it doel ûndersyk nei de famylje te stimulearjen en famyljebannen sterker te meitsjen. Der binne no sa'n 600 stipers dy't mei betelje oan

de projekten en foar de ûndersikers. Sa binne der gearkomsten, publikaasjes, websites en is der in famylje argyf dat noch digitalisearre wurde sil.

It twadde boek is it gefolch fan nije ûndersyksresultaten ûnder oaren fan Ype Brouwers, útwreiding fan de stambeam en morele druk. Der waard frege om in nij ferfolch.

Yn 2012 kaam der in projektplan, in redaksje, in beslút ta in twatalige edysje en in beslútelist foar foarm en ynhâld mei in wurklist. De útgongspunten wiene dat foarm en kwaliteit gelyk wiene oan it earste boek, en dêr ta keas men foar deselde drukker en de de ynhâld moast semi-wittenskiplik, en twatalich wêze. Om't der meardere skriuwers wiene mei els harren eigen skriuwstyl, moasten de ferskate teksten oanpast en dernei noch oersetten wurde nei it Ingelsk. Foar software is Aldfaer brûkt, dat wie it meast fleksibel.



De stambeam moast neffens de famyljekoade dy't ek yn diel I brûkt wie en dy is ûngewoan. Dêrom waard de koade diels oanpast yn diel II, mar in part fan de koades út diel I binne bleaun; de A, B, en F-takken. De Aldfaer software moast dêrom in nij skript skriuwe om de foarm fan diel I yn diel II te behâlden. Ek foar de indeks moast in skript skreaun wurde, it giet om sa'n 10.000 persoanen.

Dat rôp fan út it publyk de fraach op oft de nije wetjouwing omtrint persoansgegevens [GDPR/AVG] yn acht nommen wie.

Yn it boek wie dat net dien, mar op de webside wol. De libbene persoanen binne net frege as hja wol as net yn it boek neamd wurde woene, mar guon hienen al oanjûn der net yn te wollen en dy binne no oanjûn as N.N.



### Skiednis Kossens/Crossen

De famylje begûn dus omtrint 1400 yn it buorskip Knossens op twa terpen, de eastlike en de westlike terp. De eastlike terp is troch de tiid hinne ôfgroeven, mar de westlike is der noch mei in buorkerij der op. Der binne spoaren fan bewenning fan it jier 1000 ôf fûn op de westlike terp en der soe mear wêze kinne, ek op it plak dêr't de eastlike terp west hat, mar archeologysk ûndersyk troch private partijen is troch it ferdrach fan Malta tige beheind wurden en sjoen as "Lustgrabung". Oer de archeology hat Evert Kramer in haadstik yn it boek skreaun. Wis is dat it plak de namme Knossen al foar 1400 hie en ek

dat der bygelyks yn Skandinaavje, Feriene Keninkryk en Dútslân plakken mei deselde namme wiene, meast by de rivieren. DNA toant konneksjes oan mei de Ingelske en Skandinavyske Knossens en dat soe kinne troch [folksferhuzingen](#).

De skiednis fan de foarheit leit ek krekt oars dan men yn diel I oannaam hie. Njonken in stamheit Johan Upkes blykt der in stammem Anna Upkes te wêzen mei it neiteam dy't de namme Knossen fierde. Yn de 16e iuw sieten de measte Knossens yn Hommerts en Jutryp. Fierder is der yn it twadde diel mear omtinken foar de emigraasje en de skiednis fan de Knossens yn de FS en Kanada.

Nei de lêzing wie der noch tiid foar in pear fragen. De earste fraach wie as it boek no in genealogy as in parenteal wie. It is in genealogy wurden dêr 't by de froulju de bern noch neamd wurde mar de bernsbarn net mear. Fierder kaam der wol ris binnen trou foar en wiene de Knossens/Crossens meast boeren.

Ek wie der in lytse oanfolging op Haring Tsjallings x Tryntsje Intes, dy hawwe in soan Oete. Intes moat hjir wol in skriuwflater wêze foar Oetes.

De oare projekten dy't noch op steapel steane, binne in oare webside, dy't de minsken sels oanpasse en oanfolje kinne, it ûndersykjen fan de Dútske Knossens/Crossens en nei gean oft Jens Knossen út de Boargeroarloch yn de FS in Deen as in Fries wie.

De stambeam stiet op it ynternet, mar net de resinte gegevens.

### Omfreegjen

Der is neat foar it omfreegjen, mar noch wol in pear oanfoljende meidielings.

De datum fan de gearkomste fan 6 april 2019 is ferskood nei 30 maart.

Op 19 jannewaris hâldt it NGV in lêzing yn it HSL. It sil gean oer Gerlacus Buma (1793-1838).

De sprekkers binne Sybrand Buma en Wiete Hopperus Buma.

De foarsitter **slút** de gearkomste om tweintich nei trijen.